

Oan de FNP-fraksje
O.f. dhr. W. Veenstra

Ljouwert, 5 july 2022

Ferstjoerd, **12 JULI 2022**

Ús merkteken : 02008417
Ôfd/Opjefte : Bestimming Fryslân
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beântwurding skriftlike fragen oer feilige rekreaasje farwei

Rju achte hear Veenstra,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 42 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 10 juny 2022, beântwurdzje wy as neikomt.

Ynlieding

Op 27 novimber 2019 hat Provinsjale Steaten ynstimd mei de útwurking fan de Farwegenfyzje. Dêrby hawwe de Steaten ek ynstimd mei it fierder útwurkjen fan de maatregels foar de ferbettering fan de feiligens fan de farwei nei Drachten.

De fraksje fan de FNP hat doe frege om de mooglikheid fan in ûntflechtsjen fan beropsferkear en it lytsere rekreaasjeferkear op de farrûte nei Drachten mei te nimmen yn it ûndersyk. Dêrby soe hiel konkreet sjoen wurde moatte nei it befarber meitsjen fan de rûte oer de Ald Headamsleat, mei in koarte trochstek troch de Hegewarren (sjoch kaartsje). It kolleezje hat tasein dat it de boppesteande punten meinimme soe yn de fierdere útwurking fan de Farwegenfyzje.

Fragen

De beslútfoarming foar de farwei Drachten stiet foar 21 septimber op de planning fan Provinsjale Steaten. Mocht dan blike dat der gjin nije farwei troch de Hegewarren komt, dan is it foar de feiligens op it wetter namste wichtiger dat beropsferkear en rekreaasjeferkear op de besteande ferbining fia Earnewâld sa folle mooglik skieden wurdt. Yn oanrin nei de beslútfoarming, hat de FNP inkelde fragen oan it kolleezje:

Fraach 1:

Wat binne de útkomsten fan it ûndersyk nei it ûntflechtsjen fan berops- en rekreaasjeferkear en it effekt dêrfan op de feiligens?

Antwurd fraach 1:

Binnen de scope fan de gebietsûntwikkeling Hegewarren is ûndersocht of it opwurdearjen fan de farwei Drachten fia de Hegewarren helber is. Dêrby is ek sjoen nei de feiligens op it wetter en it ûntflechtsjen fan berops- en rekreaasje ferkear.

Ek by it nije trasee is gjin folslein ûntflechtsjen mooglik, der binne alternative rûtes beskikber wêrtroch rekreative boatsjefarders it mei-inoar opfarre nije kinne. Mar, der bliuwe wol krúspunten bestean. Jo hawwe de resultaten fan it ûndersyk nei it nije trasee ûnderwilens ûntfongen. De nije rûte soe nei ferwachting minder riskant wêze dan de besteande rûte, mar der bliuwe riskante punten bestean. DS hat no ek bekend makke net genôch foardielen te sjen foar in nije farwei troch de Hegewarren.

It ûndersyk hat fierder útwiist dat it ûntflechtsjen fan it ferkear op de besteande farwei Drachten tusken Earnewâld en de Headamsbrêge mooglik is troch nije ferbiningen troch de Hegewarren, tusken de Alde Feanen en it Grytmansrak. Dit betrefte ek net it strikt ûntflechtsjen (it wurdt net ferbean om de beropsfarwei te brûken), mar der binne dochs alternative rûtes.

Fraach 2:

Yn it ko-kreaasjeproses hawwe ferskate mooglikheden foar nije rekreative wetterferbinings troch de Hegewarren oan 'e oarder west. Dêrmei wurdt ek foarsjoen yn in alternative rûte foar rekreatyf ferkear om de beropsfarwei troch De Alde Feanen (foar in part) te mijen. Hat it ko-kreaasjeproses mei de ynwenners en oare belutsenen oer de Hegewarren oanfoljende nije ynsichten oplevere?

Antwurd fraach 2:

Wy hawwe leart dat troch de beëage gebietsûntwikkeling mei in protte romte foar wetter, nije rekreative rûtes mooglik makke wurde. Dat smiet mearwearde op foar de regionale rekreaasje en soarget ek foar ferbettering fan de feiligens op de besteande farwei. Sa binne yn de foarkarsfariant (Ien en Natuerlik) twa trochstekken realisearre foar rekreatyf ferkear. Dat binne rûtes fan de Grutte Krite troch de Hegewarren nei it Grytmansrak. Dizze rûtes soarchje dat it berops- en rekreaasjeferkear yn de Alde Feanen foar in part ûntflochten wurde kin omdat de rekreative boaten fia de it Grytmansrak of Aldegea De Alde Feanen ferlitte kinne yn plak fan fia de Headamsleat en Headamsbrêge. Nei it beslút oer de farwei en Hegewarren yn septimber dogge wy neier ûndersyk nei oanfoljende feiligensmaatregels, sa as fêstlein yn moasje 2173.

Fraach 3:

Kin it kolleezje oanjaan wat de mooglikheden binne om in farwei foar it rekreaasjeferkear oan te lizzen fia de Ald Headamsleat?

Antwurd fraach 3:

De Ald Headamsleat is as trochstek oan de oarder west yn it ko-kreaasjeproses. Men wie yn dat proses bang dat mei dy trochstek wichtige natuerwearden oantaaste wurde soene,

dêrom is dizze oplossing foar in ekstra rekreative trochstek as net helber beskôge. By lepen en Natuerlik binne oare trochstekken, die as helberder besjoen wurden, meinommen. Yn de oare 3 ynrjochtingsfarianten (wêrfan twa as foarkarsfariant keazen binne), binne neie trochstekken wol besjoen, mar mei it each op de ynverstearringskosten (ynkl. In ekstra brêge), binne dy nei in yntegrale ôfwaging ôffallen.

Fraach 4:

Yn it rapport fan it ko-kreaasjeproses wurde ek oare opsjes neamd foar in rekreative farwei. Kin it kolleezje oanjaan wat de foar en neidielen fan de ferskillende opsjes binne?

Antwurd fraach 4:

Dizze fraach is by fraach 3 beäntwurde.

Fraach 5:

Kin it kolleezje in roaiïng jaan fan de mooglike kosten en in tiidpaad jaan fan wannear't de rekreative farwei fia de Ald Headamsleat of in alternative ferbining realisearre wêze kin?

Antwurd fraach 5:

In trochstek fia de Ald Headamsleat hat, at keazen wurdt foar lepen en Natuerlik gjin ekstra mearwearde. At der net foar lepen en Natuerlik keazen wurdt, kinne wy opnij nei de trochstek fia de Ald Headamsleat sjen. Der sil dan spesifyk oandacht wêze moatte foar de effekten foar de natuerwearden yn it Natura2000 gebied en de kosten fan in ekstra brêge.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,


drs. A.A.M. Brok, foarsitter

A. Schepers, MSc, sekretaris